

(Lit mi ris en tieling útstiure, um en einefugel to fangen.  
Iduna 7 [1850].)

## Kroader en Nij Ljocht yn it Oera Linda Boek

Philippus Breuker

Ta de opmerklikste etymologyen yn it *Oera Linda Boek* hearre Kroder (ed. Jensma 160) foar Kronos en Nya Liucht (ed. Jensma 142) foar Nyhellenia. Better net te witten wurde se foar (typearjende) útfiningen fan de skriuwer fan it OLB holden. Dat soe kinne, mar hy wie dan net de earste en it liket my mear foar de hân te lizzen dat er se oernommen hat fan in oar, dy't him foar wie. Se komme nammentlik fuort by elkoar foar yn it oant no ta net as boarne fan it OLB sinjalearre *Tooneel der Vereenigde Nederlanden* fan F. Halma en M. Brouërius van Nidek (1725). Dat stiet fol fan yn ús eagen no healwize etymologyen, dêr't it Frysk ek gauris by te pas brocht wurdt.

Under it lemma *Nehalennia sacellum* (II 102) stiet dêr: “En heeft onder al die gevoelens noch geen, maar [lê: naar] mijn oordeel meer waarschijnlijkheit, dan die meenen dat NEHALENNIA zoo veel wil zeggen als NIE HEEL, dat is, *Nieuw Licht, Nieuwe Maan.*” (II 104) En efkes fierder: “De naam *Crodo*, of *Crode*, meenen wij dat zoo veel betekent als *Kruijer*, het welk bij de *Friezen* noch hedendaags zoo uitgesproken wordt, een *Kroijer*, of *Kroder*, waar van daan een *Krodewagen*, *Krooiwagen*, bij anderen een *Kruiwagen*. (II 105) De skriuwer stelt dizze etymology yn it plak foar de ôflieding út Kronos. Hy moat net folle hawwe fan de gelearden dy't dat dogge en altyd mar weromgeane nei “de verdichtzels der *Grieken* en *Latijnen*” ynstee fan nei de Germanen. Dy Kroder fynt er beskreaun by Outhof, dy't weromgiet op de reisbrieven fan Tollius en op Schedius. Van der Meij nimt yn syn *Kanttekeningen* (bls. 93) de ôfbylding út Schedius oer.

Kroder en Nehalennia hearre neffens de auteur fan it *Tooneel* by elkoar. Hy is de opklimmende tiid fan maitiid en simmer, sy heart by de delgeande tiid fan hjerst en winter. (II 105)

\* ‘Tsjilling’ is de namme fan in nije rubryk yn *It Beaken*. Yn 'e rubryk krije koarte, nijsgjirrige, prykjende en ta reagearjen útnoegjende stikjes in plak. (Red.)

